

FNP,
De hear S. Posthumus

Ljouwert, 24 maaie 2016

Ferstjoerd, **26 MEI 2016**

Ús merkteken : 01312563
Ôfdieling : Fasilitêre Saken / Ynkeap
Opsteld troch : R. Zijlstra / (06) 52 47 51 78 of r.zijlstra@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer Hege kosten parkeargaraazje

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 28 april 2016, beäntwurdzje wy as neikomt.

Foar de 'eigen' parkeargaraazje fan de provinsje Fryslân, dy't hierd wurdt fan de gemeente Ljouwert, betellet de provinsje Fryslân jierliks in bedrach fan € 500.000,- dat alle jierren ferhege wurdt mei 2,5 % ynflaasjekorreksje.

Earder (yn 2011-2012) hat de FNP ek al omtinken frege foar de yn ús eagen hege kosten en dêr is no neffens ús noch altyd alle oanlieding ta. Sa is sawat sûnt de iepening al sprake fan lekkerij fan wetter sadat in soad parkearplakken net brûkt wurde kinne.

Fierder is it sa dat sawat alle dagen/deidielen in frij grut part hielendal net brûkt wurdt. Dat kin te krijen hawwe mei it eigen mobiliteitsbelied fan de provinsje, wêrtroch it brûken fan de fyts en iepenbier ferfier befoardere wurdt en dat fan de auto ûntmoedige. De fergoeding foar autogebrûk by it wen-wurkferkear is ôfskaft.

En op dit stuit kin de parkeargaraazje 6 wiken hielendal net brûkt wurde troch de provinsje, fanwegen de bou fan apparteminten op de garaazje. Wy hawwe yn jierrekens of Bestjoerlike rapportaazjes lykwols net it sinjaal krigen dat de provinsje no jild werom kriget fan de gemeente of dat minder hier yn rekken brocht wurdt.

Fraach 1:

Wat binne de aktuele kosten op jierbasis foar de provinsje fan de hier fan de parkeergaraazje? En kin it Kolleezje de aktuele sifers jaan fan it gebrûk fan de parkeergaraazje (op basis fan de 256 plakken dy't beskikber binne)?

Antwurd fraach 1:

Kosten yn 2016 €518.900,= (giet noch wol in koarting fan €25.000,= ôf, sjoch ek antwurd 3b)

De besettingsgraad oer de lêste moannen wie as neikomt:

Besetting parkeergaraazje

gemiddelde maksimale besetting	mo.	ti.	wo.	to.	fr.
novimber 2015	82%	80%	89%	75%	53%
desimber 2015	75%	81%	83%	72%	43%
jannewaris 2016	78%	52%	60%	52%	54%
febrewaris 2016	72%	83%	83%	75%	52%
maart 2016	89%	69%	73%	66%	39%
gemiddelde deis	79%	73%	77%	68%	48%

Yn de lêste moannen fan 2015 is it in tal kearen bard dat der gjin plakken oer wiene foar besikers en dat wy dy trochferwize moasten nei in oare garaazje.

Fraach 2:

Kin it Kolleezje de effekten oanjaan fan de nota Mobiliteitsbelied (2011) op it gebrûk fan de auto foar wen-wurkferkear en de besettingsgraad fan de garaazje?

Antwurd fraach 2:

38 % fan de meiwurkers brûkt de auto foar it wen-wurkferkear.

62 % fan de meiwurkers brûkt de fyts, it iepenbier ferfier of de griene auto.

It tal auto's mei-inoar dat brûkt wurdt foar wen-wurkferkear komt dêrmei op 269.

Dêrnjonken binne de pool- en tsjinstauto's fan de organisaasje foar in grut part yn de garaazje ûnderbrocht.

Fraach 3:

Hat de provinsje by de gemeente Ljouwert oantrune op in ferleging fan de hier of jild werombeteljen fanwegen (a) lekkerij, (b) it seis wiken bûten gebrûkstellen en (c) it feit dat folle minder parkearplakken brûkt wurde as nedich is? Graach in antwurd per dielfraach. As it antwurd nee is, graach in taljochting dêrop.

Antwurd fraach 3:

(a): fanwegen it net alhiel klear wêzen fan de garaazje (de ôfsette plakken as gefolch fan de lekkaazje is dêr ien fan ûnderdielen fan) hat de yndeksaasje in jier letter as dat op rekkene wie syn beslach krige;

(b): fanwegen de oerlêst foar de tiid fan 6 wike wurdt de hierpriis yn 2016 foar ien kear mei € 25.000,- ferlege;

(c): nee, it oer plakken beskikke kinne is wat oars as dat alle plakken altiten brûkt wurde. Ferline jier is nei in situaasje socht om de beskikbere plakken sa folle mooglik te brûken.

Fraach 4:

Is it ek mooglik om bûten de wykeinen en tongersdeitejûnen om de parkeergaraazje faker beskikber te stellen foar oare besikers, bygelyks it winkeljend publyk? Dêrmei kin de provinsje Fryslân mear ynkkomsten generearje (of in legere hier betelje) en hawwe omlizzende winkelstrjitten baat by mear besikers/klanten.

Antwurd fraach 4:

Wannear't der keapjûnen bûten de wenstige dagen om binne, wurdt it mooglikewize beskikber stellen fan de garaazje mei de Stichting Parkeergarages Leeuwarden ôfstimd. Ek wannear't der oare fersiken om plakken by ús ynkomme, besjogge wy wat der mooglik is.

Fraach 5:

Yn 2011 wie noch sprake fan de hier troch de provinsje fan 49 ekstra parkearplakken yn parkeergaraazje 'Hoeksterein'. As dat noch altyd sa is, binne mei it each op de ûnderbesetting fan de 'eigen' parkeergaraazje yn de Easterstrjitte dy plakken noch wol nedich?

Antwurd fraach 5:

Op dit stuit is der net sprake fan in strukturele ûnderbesetting. Dêrnjonken wurdt Hoeksterend brûkt foar tsjinstauto's fan meiwurkers fan de bûtetsjinst dy't yn it provinsjehûs wêze moatte en foar meiwurkers dy't mei de eigen auto in tsjinstreis meitsje.

Fraach 6:

Is it Kolleezje ree om by in fikse strukturele ûnderbesetting yn ûnderhanneling te gean mei de gemeente Ljouwert foar in oare, goedkeapere oplossing? Kin dêrby dan ek it jierlikse stigingspersintaazje fan 2,5% oan de oarder steld wurde, dat al jierren fier boppe de ynflaasje út giet?

Antwurd fraach 6:

Ja, sadree't dêr sprake fan is, sil de mooglikheid fan it op 'en nij besjen fan it kontrakt mei de gemeente bepraat wurde.

Mei rju achtginge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.A. Jorritsma, foarsitter

A.J. van den Berg, sekretaris